

By de Fryske Akademy yn Ljouwert is in fakatuere foar in

Lid fan de Ried fan Tafersjoch

Wy sykje in entûsjaste, konstruktive en posityf krityske kandidaat, dy't har/him mei de kollega's yn de Ried ynsette wol foar it tafersjoch op in boeiende en ambisjeuze organisaasje op it mêd fan de Fryske taal, kultuer en skiednis.

Kandidaten moatte beskikke oer:

- brede bestjoerlike ûnderfining, by foarkar by relevante maatskiplike organisaasjes;
- kennis fan en belutsenheid by de taak en it wurkfjild fan de Fryske Akademy en by de spesifike maatskiplike en akademyske ûntjouwingen yn Fryslân en dêrbûten;
- goede konneksjes en in breed en aktyf netwurk yn Fryslân;
- it fermogen om de direkteur-bestjoerder as ôfsûnderlik lid en yn teamferbân fan de Ried fan Tafersjoch mei advys by te stean;
- goede sosjale en kommunikative feardichheden.

De Fryske Akademy, learre oan de KNAW, is yn 1938 út de mienskip wei oprjochte as wittenskiplik ynstitút dat fûneminteel en tapast ûndersyk docht nei de Fryske taal, skiednis en kultuer yn brede sin. Sûnt 1987 is de Fryske Akademy dêrneist grutske gasthear fan it Mercator European Research Centre, dat him taleit op ûndersyk en tapassing fan kennis oer meartaligens en minderheidstalen. Anno 2022 binne dy misjes noch altyd liedend, ek yn de ambisjeuze plannen dy't de Fryske Akademy no ûntwikkelet. De Fryske Akademy is in platte organisaasje. Wittenskippers, de net-wittenskiplike stêf en it lytse managementteam wurkje nau gear. Troch in kearnteam fan sa'n 15 ûndersikers, oanfolle mei projektmjittige (gast)ûndersikers, wurdt wurke oan heechwaardich ûndersyk nei langetermyn-ûntjouwingen fan de Fryske kasus yn Europeesk en komparatyf perspektyf en ek nei spesifike tema's, en dêrneist oan it ûntwikkeljen fan praktyske (digitale) tapassingen yn de mienskip. De tema's dy't bestudearre wurde, fariearje fan taaldeskripsje, meartaligens en taallearen, oant skiednis, mienskip, kultuer en identiteit, dy't op projektmjittige basis útwurke wurde. Ut ekspertize oangeande it Fryske wei wurdt wurke oan grutte tema's dy't fierder rikke as Fryslân allinnich, en mei ekspertize fan partners wurdt op nije wize nei de Fryske taal, kultuer en skiednis sjoen. De Fryske Akademy wol him noch sterker rjochtsje op kânsen foar talintearre ûndersikers en op multy- en ynterdissiplinêr ûndersyk. Dêrta wurdt gearwurke mei regionale, nasjonale en ynternasjonale partners. Dêrneist wol de Akademy syn posysje yn Europa fersterkje troch mei de ekspertize nei bûten ta te gean en kennis út te wikseljen. Us finansiering bestiet út in lumpsum part oanfolle mei ekstern finansiële ûndersyksprojekt opdrachten. It lumpsum part bestiet út in bydrage fan de ryksoerheid en in bydrage fan de Provinsje Fryslân. De ryksbydrage fan it ministearje fan Binnenlânske Saken is basearre op it Bestjoersakkoart Fryske Taal en Kultuer. De ekstern finansiële opdrachten bestean benammen út opdrachten fan oerheden en Europeeske subsydzjeprogramma's lykas Erasmus+ projekten. De totale formaasje bestiet út likernôch 32 fte.

Mear ynformaasje oer de Fryske Akademy stiet op www.fryske-akademy.nl.

De Stifting Fryske Akademy wurdt bestjoerd troch in direkteur-bestjoerder, dr. Nelleke IJssennagger-van der Pluijm *FS4*. De Ried fan Tafersjoch is belêste mei it tafersjoch op de algemiene gong fan saken yn de Stifting en op it troch de direkteur-bestjoerder fierde behear en belied. De Ried bestiet op it stuit út fiif persoanen. Mei't ien lid fanwegen it berikken fan de maksimale sittingsdoer út de Ried giet, is der in fakatuere ûntstien foar in algemien lid fan de Ried fan Tafersjoch.

De Ried fan Tafersjoch komt sa'n 4 oant 6 kear jiers gear. Dêrneist binne der tusken de gearkomsten troch ek geregeld kontakten tusken de Riedsleden ûnderling of út de Ried wei mei de organisaasje of eksterne stakeholders. De kultuer binnen de Ried is ynformeel en kollegiaal.

Twa fan de hjoeddeistige leden hawwe in wittenskiplike eftergrûn, de oare trije in mear algemiene bestjoerlike ekspertize.

Mei it each op de gearstalling fan de Ried wurdt by it ynfoljen fan dizze fakatuere by gelikense geskiktens de foarkar jûn oan in froulike kandidaat, dy't de diversiteit binnen de Ried op dy wize fersterket.

Selektearre kandidaten wurde troch de Ried fan Tafersjoch fan de Fryske Akademy beneamd op binende foardracht fan de Provinsje Fryslân. Leden wurde beneamd foar in earste termyn fan fjouwer jier. Dêrnei is op 'e nij beneamen, foar in twadde termyn fan fjouwer jier, mooglik.

Neiere ynformaasje oer dizze fakatuere wurdt jûn troch de foarsitter fan de Ried fan Tafersjoch, drs. Seerp Leistra, email s.leistra@boercroon.nl.

De reaksjetermyn is oant en mei 20 febrewaris o.k. iepensteld.

Motivaasjebrief en cv graach maile oan Nora Pratley, HR adviseur. Brûk dêrfoar it mailadres: wurkje@fryske-akademy.nl



KONINKLIJKE NEDERLANDSE
AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

Akwisysje nei oanlieding fan dizze fakatuere wurdt net op prijs steld.